

Bijlage VWO
2024

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

Moatst harkje nei watst net ferstiest

Yn in soad hjoeddeiske debatten sjochst dat in berop dien wurdt op ús taalgefoelichheid, net allinnich yn diversiteitskwesjes, mar ek om't it korrekte wurd yn it deistige, digitale libben in foaroansteande rol spilet. De tanimmende ynternasionalisearing fan ûnderwiis en ekonomy liket in goed momint om profesjonele oersetters it wurd te jaan oer de fraach wat it proses fan oersetten dwaan kin mei betsjutting. Oan it wurd komme twa priiswinnende oersetters.

Bas Belleman (1978) is dichter, essayist, kritikus en oersetter fan Shakespeare.

(1) Is oersetten mear in ambachtlike kwestje? Leart it wurkjen oan in klassike tekst dy ek wat oer minske en kultuer?

5 “Minsken kinne de oanstriid hawwe om deterministysk oer ús kultuer te praten, krekt as soene wy folslein bepaald wurde troch de kultuer en de taal dêr't wy yn grutbrocht binne.
10 Elkenien hat syn eigen kultuer, mar net ien falt der hielendal mei gear. En guon minsken geane harren eigen kultuer te boppe. Dat jildt wis foar ien as Shakespeare, foar in
15 sjeny – sa'nent kinst net redusearje ta syn kultuer, want oars soe elk-enien yn dy kultuer wol geniaal wêze. Do kinst dus net licht sizze: sa tochten de minsken doe, dus hy ek.”

20 (2) Hoe oertreft Shakespeare syn tiid?

“Hy wie bygelyks in eksperiminteel dichter. Dat is by it oersetten belangryk om yn it each te hâlden. Yn
25 it twadde sonnet boartet Shakespeare mei de direkte en yndirekte rede: do witst hieltiten net wa't oan it wurd is, oant it lêste wurd fan de rigel. De redaksje fan myn útjouwerij
30 set dêr nei syn bêste ynsjoch

oanheltekens om hinne, mar dat moatst no krekt net dwaan; Shakespeare boartet mei de betizing.”

(3) “Yn Shakespeare syn lêste 28
35 sonnetten, oer de donkere dame, moatst wach wêze op histoaryske en kulturele taljochtingen. Faak wurdt dêroer sein: swart waard yn dy tiid as ûnsjoch beskôge, dus dat
40 docht hy ek. Dat wurdt dan sjoen as in gegeven. Mar dan giest der oan foarby dat dy gedichten foaral ek geane oer seksuele oanlûkingskrêft – kinst net sizze: Shakespeare fûn
45 swart ek net moai.”

(4) Hoe moatte wy dy donkere dame neffens dy dan sjen?

“It nuvere is dat wy dêr yn ús tiid miskien wol mear each foar hawwe
50 as earder. De lêste tiid lêze wy in soad ferhalen oer transgenders, oer minsken dy't net gearfalle mei harren biologysk geslacht, of dy't har miskien wol yn gjin inkeld hokje
55 noflik fiele. En dêr skriuwt Shakespeare ek oer. Dy donkere dame hat allerhande manlike skaaimerken, mar dêr hat nea in soad omtinken foar west. De dame waard dochs
60 altyd as frou beskôge, nei alle gedachten om derfoar te soargjen dat fêstholden wurde koe oan it byld fan Shakespeare as hetero. Wylst wy no, better as lêzers yn de
65 njoggentjinde iuw, de ôfstân oer-

brêgje kinne dy't ús fan Shakespeare skiedt.”

(5) Wy diele wat mei Shakespeare, giet Belleman fierder: ús minsklikheid. “Dy minsklikheid sit ek yn de 70 poëzij fan fjouwerhûndert jier ferlyn. It is as mei in drum dy'tst hearst, en dan yn dyn lichem fielst. En út watfoar rjochting oft it lûd fan de 75 drum ek komt: Afrika, Australië of Azië – do fielst wat se spylje. Somtiden fernaam ik by it oersetten dat dy drum yn myn Nederlânske ferzje noch altyd net goed klonk. Mar it 80 probleem is dan net, lykas faak suggerearre wurdt, dat dy oare kultuer te fier fan ús ôf stiet. Te faak hearst as oersetter, mar ek as min- 85 ske: fansels klinkt dy oare kultuer stoffich en datearre, mar wat wolst ek, dy tekst is fjouwerhûndert jier âld. Mar by Shakespeare kinst dat mar better omdraaie. As syn poëzij efterhelle liket, dan hat de oersetter 90 syn wurk net goed dien.”

(6) Hast it gefoel datst Shakespeare as minske better kennen leard hast?

“Do moatst der betrouwen yn hawwe 95 datst de oar kennen leare kinst, al sit dy yn in oare tiid of oare kultuer. Sûnder dat betrouwen kinst net oersetse. En Shakespeare nûget dy ek út om hieltiten tichter by him te 100 kommen – net fuortdaliks, mar stapke foar stapke kringst fierder troch yn syn poëzij. Ik besef ek wol dat it gefoel fan werkenning krekt by Shakespeare in falkûle wêze kin. In 105 soad minsken projektarre harrensels op him, wa't ynteresse hat yn polityk ken syn politike foarkar yn him werom. En ik, as leafhawwer fan Lucebert¹⁾, sjoch graach in 110 avant-gardistysk²⁾ dichter yn him.”

(7) Tagelyk hast earder sketst hoe presys ast te wurk giest ast Shakespeare oersetst: do sitst mei allerhande neislachwurken efter dyn buro dy'tst gauris 115 rieplachtest; do makkest ferskate oersettingen fan in sonnet, om út te finen hokker foarm oft it bêste is. Is dy prezidens net bedoeld om 120 foar te kommen datst yn dy falkûle stapst?

“Dat is al de bedoeling, ja. En 125 moatst altyd besykje om goed te harkjen nei wat er allegearre seit datst net fuortdaliks ferstiest. Moatst derom tinke datst syn poëzij oersetst, en net allinnich mar dyn ynterpretaasje fan syn poëzij werjoust. Moatst dy bewust wêze fan dyn 130 eigen perspektyf, mar ek fan de perspektiven yn de neislachwurken. Uteinlik kinst de ôfstân fansels nea hielendal oerbrêgje, mar dat besef 135 biedt no krekt de mooglikheid om dochs wer wat tichterby te kommen. Twifels biede romte foar nuânse, en dêrmei ek foar in grutter begryp foar ien út in hiel oare tiid en kultuer. It sjeny fan Shakespeare is nammers 140 ek dat er it begripen fan syn gedichten mooglik makket foar in hjoeddeisk lêzerspublyk en net te'n ûnder giet yn ferâldere tinkbylden en feroarjende taal.”

Jabik Veenbaas (1959) is dichter, skriuwer, oersetter en filosoof. Hy sette ûnder oaren trije krityske haadwurken fan Immanuel Kant oer. Kant (1724-1804) wie in Dútsk filosoof yn de tiid fan de Ferljochting.

145 **(8) Neffens dy draacht oersetten by oan in ferriking fan dyn eigen kultuer. Wêrom setsto âldere filosofyske teksten oer?**

“Dat is in gedachte dy’t ûnder mear
150 yn de Renêssânse ûnder wurden
brocht waard: hiest de trijeslach
translatio-imitatio-aemulatio. Earst
settest de wurken oer, dan be-
sochtst te imitearjen, om dêrnei te
155 rivalisearjen – woest it likegoed
dwaan as dejinge dy’tst oerset
hiest.”

(9) “Troch sa te wurkjen, bringst dyn
eigen kultuer op in heger plan.
160 Boppedat bringst mei in oersetting
nije begripen en nije bylden yn dyn
eigen taal. En soargest derfoar dat
talen mear kâns hawwe om te
oerlibjen – dat is wat dêr’t ik my as
165 twatalich skriuwer en oersetter hiel
bewust fan bin. It Frysk, myn earste
taal – Nederlânsk learde ik pas doe’t
ik fjouwer jier wie – driget dochs alle
kearen by it Nederlânsk ûnder de
170 fuotten te reitsjen. Troch oer te set-
ten fergruttet de rykdom fan de taal
en dêrnei de fitaliteit.”

**(10) It idee datst dy ynspirearje
litst troch oer te setten, kinst ek
175 wolris by moderne dichters en
skriuwers lêze. Mar it idee datst
ek mei de teksten rivalisearrest
liket minder hjoeddeisk.**

“Dat rivalisearjen hoechst net altiten
180 letterlik te nimmen. It giet der foaral
om datst earst de bêste foarbylden
yn dy opnimst en ferwurkest, om dy
foarbylden dêrnei efter dy te litten
om sels wichtich wurk te meitsjen.
185 De Ferljochting is wat dat oangiet in
nijsgjirrige perioade. De Renê-
sânse woe mei klam de skriuwers
en filosofen út de klassike âldheid
wer ta libben bringe, mar yn de

190 Ferljochting woene de skriuwers en
de filosofen it sels én better dwaan.
It bysûndere is dat yn dy perioade
ús geastlik spylfjild ûntstien is. De
minskten wrakselen mei deselde
195 problemen as wy, harren antwurden
ûntstiene yn itselde troebele wetter
dêr’t wy no noch altiten yn sitte.”

**(11) Wat is dat foar troebel
wetter?**

200 “Nim as foarbyld de figuer fan
Hume³). Hy wie geastlik yn ûnstjoer
omdat er gjin hâldfêst mear fûn yn it
leauwen fan de foarfaars en yn de
tradysje. Foar de tinkers fan de
205 Ferljochting wie de fraach hoe’t sy
yn in wrâld sûnder God, in wrâld
dêr’t it nihilisme yn taslaan koe,
dochs in goed libben hawwe koene.
Dêr joegen se allegearre harren
210 eigen antwurden op.”

**(12) Wat is dyn bysûndere rol as
oersetter yn it tagonklik meitsjen
fan dy gedachten?**

“Yn it foarste plak behearskje wy it
215 Dútsk, mar ek it Ingelsk folle minder
goed as ús eigen taal. Troch it wurk
yn in oersetting te lêzen sjochst pas
de rykdom fan dat soort gedachten.
As oersetter bringst begripen,
220 gedachtegongen en bylden oer yn in
oare taal, dy’t wer troch oaren brûkt
wurde. Sa wurdt wat frjemds sta-
dichoan fertrouder – of miskien
moatst it sa sizze: it frjemde begjint
225 diel út te meitsjen fan dyn eigen
kultuer.”

*naar: Florentijn van Rootselaar,
Filosofie Magazine, 24 september
2021*

noot 1 Lucebert (1924-1994) wie in Nederlânsk eksperiminteel dichter en skilder.

noot 2 In avant-gardistysk dichter heart ta de avant-garde. Mei de avant-garde wurdt in jonge
generaasje keunstners bedoeld dy’t mei nije foarmen eksperimintearret. Avant-garde is
Frânsk foar ‘foarhoede’.

noot 3 David Hume (1711-1776) wie in Skotsk filosoof en skiedskriuwer.

Ludditen doe en no

(1) Ambachtslju wiene it – mar al ambachtslju mei slopershammers. Oan it begjin fan de njoggentjinde iuw teheisteren hûnderten tekstyl-wurkers it Britske plattelân.

Ludditen¹⁾ waarden se neamd, de manlju dy't nachts op 'en paad giene en der omraak op los sloegen. Se hiene it foarsjoen op weef-
5 masines en oare apparaten. De striid fan de ludditen draaide om de nije technology dy't harren wurk en bestean bedrige.

(2) De opstân fan de ludditen hie
15 Grut-Brittannië yn dy jierren yn 'e ban oant dy, nei in yntinsive lobby fan de fluchgroeierende Britske tekstylindustrie, yn 1816 spikerhurd delsein waard troch it Britske leger.
20 It proses fan meganisearjen gie troch. Fan de ludditen bleau neat oer.

(3) Utsein dan: in skelwurd. Ik haw it ek wolris nei de holle krige. Foar dy
25 skellers is in luddyt ien dy't tsjin technology is, tsjin ynnovaasje, tsjin de foarútgong! In konservatyf mei in healwize eangst foar de ûnûntkomber takomst.

(4) Mar dan dogge wy de njoggentjinde-iuwske wevers slim tekoart. De ludditen wiene net anty-technology, krekt oarsom: se brûkten sels
35 avansearre apparaten om it wurk dwaan te kinnen. Se wiene tsjin dy technologyen dy't harren bazen ynsetten om harren te ferfangen.

(5) Sy rjochten de slopershammers op de technology dy't harren wurk
40 oernaam of harren lean ferlege. Se foelen de masines oan, mar befochten de wurkleazens en de

earmoede, de gefolgen fan de yndustrialisearring – it systeem dat
45 technologyen produsearre. It wiene hooligans²⁾ – mar dan al 'politike' hooligans.

(6) No is der wat nijsgjirrichs oan de hân mei dy ludditen. Want njonken
50 in skelwurd is it ek in geuzenamme, dy't in pear fan de bekendere technologykritisy fan hjoed-de-dei graach drage meie.

(7) Sy hawwe krytyk op Big Tech, surveillânsetechnology, ferslaavjende apps en apparaten, mar foar
55 de 'neo-ludditen' jildt ek dat sy net de technology sels bestride – of Apple, Google of Facebook – mar it polityk-ekonomyske systeem der-
60 efter. It punt is dat in soad technology net yn it foardiel fan de mienskip of it yndividu is – krekt oarsom – mar foaral in ynstrumint foar
65 eigeners en oandielhâlders. Dy nije ludditen wolle dat feroarje en bringe de grûnslaggen dêrfan yn diskusje. Sy pleitsje foar alternative foarmen fan eigendom en kontrôle, foar
70 technology dy't yn tsjinst fan de mienskip boud wurdt.

(8) My sprekke se oan omdat se fierder geane dêr't in soad kritisy ophâlde. Liik wêze op Big Tech is
75 hjoed-de-dei populêr, mar harren krytyk is faak net al te ferrassend. Dan giet it oer problemen lykas privacy, nepnijs, manipulaasje, machtsmisbrûk. Of oer oplossingen
80 as miljardeboeten, konkurrinsjerjocht, regulearring en nije wetten. Wichtich, mar se binne foaral rjochte op de fraach hoe't it hjoeddeiske systeem better wurkje kin. De nije

85 ludditen derfoaroer freegje: kin it ek
oars? Mei twa hie ik in fraachpetear.
(9) Yn syn boek sjongt Gavin
Mueller (1982) in lofliet op de lud-
diten. De striid fan de Britske we-
90 vers kin in ljochtsjend foarbyld wêze
foar ús tiid, fynt Mueller, dosint
Media Studies oan de Universiteit
fan Amsterdam. “Der binne no ek in
soad minsken ûntefreden oer de rol
95 fan technology yn libben en wurk.”
(10) “In protte wolle in ienfâldiger
libben mei minder prikkels. Sy wolle
útlogge, digitaal ûntgiftigje en pe-
tearen fiere sûnder dat de telefoan
100 yn it sicht leit. Moai, lit ús erkenne
dat dat ferlet der is, mar wat is hjir it
echte probleem? Dat is net de tele-
foan sels, mar dat wy in telefoan
hawwe moatte om funksjonearje te
105 kinnen. As wy wier de problemen
oplosse wolle dy’t minsken oan
technology taskriuwe, dan moatte
wy technology beskôgje as ûnder-
diel fan it kapitalistyske systeem dat
110 ús twingt om dy telefoan te brûken.”
(11) Der falt Mueller noch wat op
oan it ûngemak mei technology: it is
wakkere nostalgysk fan aard. “As
myn studinten in filmke út de njog-
115 gentiger jierren sjogge, dan sizze
se: oh wat hearlik, net ien hie in te-
lefoan, elk siet gewoan yn it momint.
No kin ik my de njoggentiger jierren
noch yn it sin bringe en ik fûn se
120 nochal saai. Der sit in falske roman-
tyk yn ús ûnbehagen mei technology
en sosjale media, as soene se ús
ferfrjemdzje fan in soart minsklike
essinsje. Myn ynteresse giet út nei
125 wat oars, nammentlik hoe’t tech-
nology de doelen fan it kapitalisme
befoarderet. Bygelyks troch ús te
twingen om produktiver te wêzen en
mear te wurkjen.”
130 **(12)** Mueller beskriuwt yn syn boek
hoe’t nije masines it wurk fan de

arbeiders yn de tekstylfabriken
feroaren. It waard monotoaner,
effisjinter en transparanter foar de
fabrykseigeners. Wat de weefma-
135 sines wiene foar de yndustriëlen fan
de njoggentjinde iuw, dat binne no
de digitale technologyen fan be-
driuwen lykas Uber dy’t fytsers oan
140 ien tried wei yn ’e gaten hâlde en
stjoere; dat is de software dy’t de
meiwurkers fan Amazon yn ’e gaten
hâldt en harren wurkprestaasjes
optimalisearret; it binne de appli-
145 kaasjes dy’t de hûnderten miljoenen
thúswurkers in pear jier brûke
moasten en dy’t, seit Mueller, it
deistich wurk fûneminteel “op ’en nij
strukturearren” en dat wurk faak ek
150 “gewoan minder aardich makken”.
(13) Yn it plak fan soksoarte by-
effekten as ûnûntkomber te be-
skôgjen, seit Mueller, dy’t himsels
luddyt én marxist³⁾ neamt, kinst dy
155 technologyen ek besjen as in ‘striid’
tusken dejingen dy’t de tech oplizze
en dejingen dy’t de tech brûke
moatte. Wa’t dy striid wint, leit net
fêst. De ludditen ferlearen harren
160 striid, mar lieten mei de nachtlke
rôftochten sjen dat technology en de
bywurkingen derfan net ûnûntkom-
ber binne. Kinst dy dertsjin fersetse.
(14) Foar Jathan Sadowski (1989),
165 akademysk ûndersiker en presen-
tator fan de podcast *This Machine
Kills*, sit de oanlûkingskrêft fan de
ludditen yn harren begryp fan tech-
nology. Hy neamt himsels ek luddyt.
170 “Ik draach harren namme út omdat
sy begriepen dat technology gjin hil-
lige saak is. Technology stiet net los
fan de krêften dy’t it produsearret,
yn behear hat en draaiende hâldt.”
175 **(15)** Tsjintwurdich, seit Sadowski,
feroarje nije technologyen ús lib-
bens, mienskippen en wurkom-
stannichheden minstens sa fûne-

180 minteel as dat de masines dat diene
yn de tiid fan de ludditen. De ekse-
sen fan Big Tech freegje neffens
him om in neo-luddityske oplibbing.
“Neo-luddisme erkent dat it meitsjen
185 fan technology in foarm fan polityk
is, en krekt sa’t wy ferwachtsje dat
wy ynfloed hawwe op it belied dat
ús libbens beynfloedet, sa soene wy
ek de macht hawwe moatte om te
190 besluten oft in technology feroare of
ôfskaft wurde moat.”

(16) Wa’t it neo-luddisme yn aksje
sjen wol, moat nei Barseloana sjen.
Dêr besleat boargemaster Ada
Colau tegearre mei har CTO⁴⁾

195 Francesca Bria dat digitale tech-
nology yn tsjinst komme moat te
stean fan de stêd en syn boargers.
Sy beëinige kontrakten mei grutte
technologybedriuwen en ferordo-
200 nearre dat de data fan Barselo-
nezen net yn private hannen kaam,
mar oan de stêd jûn waard. Dêr
waard dy feilich opslein en brûkt
foar publike tsjinsten foar de boar-
205 gers. “Dat giet fierder as gewoan
nee sizze”, seit Sadowski. “Se stel-
le ek de fraach: Hoe kinne wy dy
technologyen foar radikaal oare
doelen ynsette?”

210 **(17)** Begjin july die Sadowski mei
twa kollega's sels in radikaal útstel.
Sy stelden út om techbedriuwen te
twingen om alle data dy’t sy fan brû-
kers sammelje ôf te stean en dy da-
215 ta te behanneljen as publyk besit, yn
it behear fan publike ynstituten lykas
biblioteken. Sadat de gegevens
brûkt wurde koene foar ûndersyk
dêr’t de mienskip wat oan hat, yn
220 plak fan de private bedriuwen te
tsjinjen.

(18) It is in idee dat ynspirearre is
op de ludditen, seit Sadowski. De
measte plannen om de tech-

225 bedriuwen oan te pakken, rjochtsje
harren op it yn stikken dielen fan Big
Tech, mar dat is no krekt gjin lud-
disme; it hâldt it systeem yn stân.
Want dan hast miskien wol mear
230 konkurrinsje en minder grutte tech-
bedriuwen, mar oan de logika fan de
merk en it kapitalisme feroaret net
folle – en neffens Sadowski en
kollega-ludditen is dat no krekt de
235 oarsaak fan it probleem. “Us foarstel
komt fuort út de oertsjûging dat data
foar dy bedriuwen in foarm fan
kapitaal binne, dat sy beheare en
dêr’t sy fan bepale wa’t der by kin.
240 In wiere luddyt falt it kapitaal oan”,
seit Sadowski, dy’t himsels ék mar-
xist neamt, “en dêrom moatte wy de
kontrôle oer dy data krije.”

(19) De tiid is ryp foar nij luddisme,
245 seit Sadowski. “De macht en ryk-
dom fan in pear techbedriuwen is
gigantysk. Wurknimmers wurde
hieltyd mear bleatsteld oan surveil-
lânse-technology. In tapassing as
250 bitcoin draacht by oan it opwaarm-
jen fan de ierde ta wille fan hielend-
dal neat. Us *smart* apparaten sitte
fol mei seldsume mineralen dy’t
opgroeven wurde en in pear jier
255 letter op in jiskebult dumpst wurde.”

(20) “Alle dagen ûnderfine wy de
negative gefolgen fan dat digitale
kapitalisme. De mienskip en de pla-
neet kinne it harren domwei net per-
260 mittearje om sa troch te gean. In
soad minsken binne de lêste fiif jier
kritysk en skeptysk wurden oer de
techyndustry en nije technology. Dat
is goed nijs. Tsjin harren sis ik: it is
265 okee om útskolden te wurden foar
luddyt. Bist net de iennige!”

*naar: Maurits Martijn, De
Correspondent, 23 oktober 2021*

- noot 1 De namme komt fan de ynspirator fan de Ludditen, Ned Ludd, in Britske wever en mytyske figuer dy't neffens de oerlevering oan de ein fan achttjinde iuw apparaten begûn te slopen.
- noot 2 In hooligan is in fandaal, bygelyks in fuotbalfandaal.
- noot 3 Oanhinger fan it marksisme, in politike streaming en libbensbeskôging ûntstien yn de njoggentjinde iuw, doe't de yndustriële revolúsje foar in tanimmende twadieling yn de maatskippij soarge hie. It marksisme is de grûnslach foar withoefolle moderne sosjale ideeën en is basearre op de ideeën en tinkbylden fan Karl Marx (1818-1883).
- noot 4 CTO is de ôfkoarting foar Chief Technology Officer. De CTO is spesifyk ferantwurdlik foar it technyske en technologyske faset fan in organisaasje.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.